

IN DEZE NIEUWSBRIEF >>>>

- Projekt Marten Groenhof
- Nije útjeften

Presintaasje boek: *Marten Groenhof, boer/skilder yn it Heidenskip.*

Op freed 11 desimber o.s. sil yn it Swaeigat, Brânburren, it Heidenskip, yn lytse rûnte it boek **Marten Groenhof, boer/skilder yn it Heidenskip** yn it ljocht jûn wurde.

Om it corona-virus te bedimjen is it spitichgenôch net mooglik dat jo derby wêze kinne. Wy hoopje dat jo dat begripe sille.

Hawwe jo yn't foar in boek besteld en betelle dan kinne jo dat op sneon 12 desember 2020 yn it Swaeigat ophelje. Doar is iepen fan : 10.00 oan't 13.00 oere!

Wa't net in boek besteld hat mar wol skilderij(en) yn augustus ynbrocht hat, kin op dyselde sneon it boek oantuge foar € 17,50 it stik. Yn de winkel sil it foar € 20,00 te keap lizze.

Ekstra útjefte

Yn de neilittenskip fan Marten Groenhof sit ek in sketsboek mei tekeningen en akwarellen oer de ûngetiid op de Krúspôllen yn de Fluessen. Mei goedfinen fan de femylje hawwe wy dêr in útjefte fan makke. Dat spesiale boekje sil ek op 11 desimber presintearre wurde. Minsken dy't in wurk ynbrocht hawwe kin it keapje foar **12,50 euro** Winkelpriis wurdt 15,00 euro.

Fan herte wolkom op sneon 12 desimber yn It Swaeigat fan it Heidenskip. Leafst in mûleklots brûke en op likernoch 2 Warkumer Jellen (dat is sawat 1,5 meter) fan inoar!

Nije titels fan DeRyp

Koartlyn binne de folgjende boeken ferskynd:

* **Folksskriuwer Waling Dykstra.**

In kreas útsjende bondel mei ferhalen fan ien fan Fryslâns grutste en produktyfste folksskriuwers. De ferhalen binne samle en wurde ynlaat troch **Abe de Vries.**

De priis fan dit boek is € 20,00.

* **Blaumelly**, in nijgsjirrige dichtbondel fan **Abe de Vries**, yn 2005 de Gysbert Japicksprisiwinner. Dizze tsiende bondel fan **Abe** jildt € 15,00.

* **Omstreken**, in prachtig moai staljûn keunstboek, mei reproduksjes fan skilderijen fan Johan Haanstra (Warns) en gedichten fan Eppie Dam. (Sleat) Priis € 20,00.

* **Blikbuert** fan John Steinbeck oersetten troch J.P. Dykstra Hzn.

Fan dit boek binne we oan de lêsten ta, dus wolle jo dit boek noch hawwe dan moat jo der rap by wêze. Dit boek kostet : € 17,50.

Wolle Jo op'e hichte bliuwe fan de útjeften fan utjouwerij DeRyp lit ús dat dan per e-mail witte!

info@utjouwerij-deryp.nl



Útjouwerij DeRyp
p/a Papeleantsje 1
8711 HG Warkum

rek. num.
NL30 RABO 0352144726